

Zaaknummer: 2025-164099

Antwoord van burgemeester en wethouders op schriftelijke vragen als bedoeld in artikel 42, eerste lid, van het Reglement van Orde voor de vergaderingen van de raad der gemeente Leeuwarden, ingediend op 15 juni 2025. De vragen zijn afkomstig van FNP Ljouwert en gaan over Stasjonslokaasje Jelsum.

Vragen

1. Is it kolleezje bekend mei de serieuze beskuldigen fan NFLS en de Provinsje Fryslân dat de gemeente it projekt Station Jelsum systematysk obstruearre hat?
2. Kloppet it dat der fergunningsoanfragen fan Stichting NFLS earst net yn behanneling nommen binne en dat se pas behelle binne doe't bliken die dat in wegerjen fan dizze fergunningsoanfragen juridysk gjin stân hâlde soe? Sa ja, kin it kolleezje útlizze wêrom?
3. Kloppet it dat it kolleezje nei it ferlienen fan de fergunning fan rjochtwege dochs obstakels opworpen, lykas it op it lêst net realisearjen fan de pachtoerienkomst? Sa ja, kin it kolleezje útlizze wêrom?
4. Hoe ferklearret it kolleezje dat ôfsprutsen oerlizzen mei de stichting en de Provinsje meardere kearen útsteld waarden sûnder dêr de reden fan te beneamen?
5. Binne der binnen it kolleezje evaluaasjes of ynterne ûndersiken dien nei de ôfhanneling fan dizze kwestje? Sa ja, kin de ried ynsjoch krije yn de resultaten dêrfan?
6. Hoe wol it kolleezje kompensaasje biede foar de finansjele en maatskiplike skea dy't troch de obstruksje

Antwoorden

It kolleezje is bekend mei it parseberjocht fan de NFLS fan 10 juny 2025, wêr't dit yn stiet.

Nee dat kloppet net. De fergunningsoanfraach foar de (her)bouw fan stasjon Jelsum is (te) lang lizzen bleaun wêrtroch dizze fan rjochtswegen ferliend is. De datum fan dizze fergunning is 16 july 2020.

Nee dat kloppet net. Sûnt desember 2024 leit it konsept fan de hieroerienkomst by de NFLS. De gemeente hat dêr oant no ta gjin reaksje op krigen.

By it kolleezje is net bekend dat der oerlizzen útsteld binne sûnder reden.

Nee, der binne gjin evaluaasjes of ynterne ûndersiken dien.

It kolleezje is net fan doel kompensaasje te bieden, ûnder oare omdat de NFLS sels net reagearre hat op de konsept hieroerienkomst. Der is gjin sprake fan obstruksje.

feroarsake is, ynklusyf it ferlies fan de provinsjale subsidydzje?

7. Wat sil it kolleezje dwaan om foar te kommen dat sokke situaasjes by oare partikuliere of mienskiplik draachflak hawwende projekten yn de takomst wer foarkomme?

It kolleezje werkent har net yn dizze situaasje. Dêrom sil it kolleezje hjir fierder gjin aksje op ûndernimme.

Leeuwarden, 8 juli 2025,

burgemeester en wethouders van Leeuwarden,

burgemeester.

secretaris.